

## POËZIJ POËZIJ POËZIJ

- in ferklearring

Poëzij is in mienskiplike grûn.

Net in dreambyld.

Wat Walt Whitman neamde; it paad tusken it wiere en de siele.

In taal dy't himsels te boppe giet om himsels te wêzen, in sprake besibbe oan it ljocht.

Sprake en taal dêr't de bergen oan de ein fan de dei en oan it begjin fan de dei inoar mei tasjonge – dwers oer de kâlde falleien hinne.

Hoedenens is net op syn plak. Alle poëzij is ien!

Mar ... dames hâld de seamen fan jim jurken fêst, hearen hâld de seamen fan jim jaskes fêst.

Want wannear't it wichtichste fers skreaun is, en de minsken sizze, okay! mar wat betsjut it?

Tink ik dat de dichter ferjûn wurdt as hy anderje soe; Priizgje de heare, IK wit it net!

It is genôch dat HY it wit!

En astû in frou of in man sjen soes't, dy't yn de drokte op strjitte rint, en lûdop tsjin harsels of tsjin himsels praat ... draaf dan net de oare kant út ... mar draaf nei har ta of draaf nei him ta.

Want sy is in dichteresse en hy is in dichter.

En nearne hoechst dû bang foar te wêzen, fan de dichteresse of fan de dichter ... dan ...

De Wierheid!